


Is der in “takomst foar it ferline?”

It keatsen as sport hat him mei de tiid ûntwraksele oan de reek fan dikke segaren, sjekjes, bier en jonkjes yn herbergen dy't wichtich wiene foar it hâlden fan wedstriden. En lit it no krekt in kastlein fan Frjentsjer wêze dy't oer de winst fan de slokjes hinne seach en fan betinken wie dat keatsen mear wie as in sport fan 'spel en drank'. Hy seach de wearde fan it ferline en begûn foto's te sammeljen. Net folle letter krigen de plaatsjes selskip en waarden oanfold mei útslaggen fan keatspartijen.

Beleidsplan Kaatsmuseum

'In takomst foar it ferline'



maart 2005

It wie it begjin fan wat letter in museum wurde soe, eins it earste sportmuseum fan Nederlân. Doe't it Keatsbûn trijefearns ieu bestie, makke de stêd Frjentsjer in rojaal gebaar en joech it keatsen sa ûnderdak foar in eigen museum: twa boppekeamers fan it gemeentemuseum 't Coopmanshûs. It haadbestjoer fan de KNKB beneamde in Museum- en Documentatiecommissie (MDC) en mannen as Jehannes Dykstra, Jelle Takema en Doeke Zylstra koene yn 1972 los. Mear as tweintich jier letter, yn 1995, waarden de koffers pakt en oerbrocht nei de Camminghastins oan de Foarstrjitte. In tal jierren lyn wie Pieter Breuker foarsitter fan de MDC, mar foar de rjochting dy't hy útwee mei it ferline fan it keatsen krige er te min stipe en foaral jild om dat útfiere te kinnen. 'It is lûken oan in dea hynder', sa't er doe sei.

Rinske Wiersma-Oostendijk is no de foarsitter fan de MDC, dy't fierder bemand wurdt troch fiif minsken. Tineke Jansma-Bouma is siktaris en Jan Suierveld, Jaap Poelstra en Jan Seerden binne de kommisjeleden. Jan Seerden hat in hoartsje op de penningen past, mar tsjintwurdich wurdt dat troch it Bûnsburo dien om redenen fan BTW. Dat binne de minsken dy't yn de mande mei tal fan frijwilligers it museum hoedzje sa't it

der no hinneleit. Mar op papier komme der tal fan feroaringen. Sûnt maart 2005 leit der ek in prachtich útfierd Beleidsplan Kaatsmuseum 'In takomst foar it ferline'.

'In de loop der jaren is de functie van het kaatsmuseum aan veranderingen onderhevig geweest. Was de functie in de beginjaren een museale functie, de laatste vijf jaar is er meer aandacht voor de recreatieve functie van het museum. Dit impliceert een belangrijker rol voor activiteiten voor bezoekers die zich meer richten op recreëren', sa stiet te lêzen yn it rapport. Mar der stiet mear yn: 'Naast de herinrichting (upgrading) van het kaatsmuseum wordt bekeken of de huidige bestuurlijke structuur nog wel past bij de wens een modern, ambitieus museum te exploiteren.'

It moat in oare rjochting út mei it museum. Doelstellingen dy't eins helle wurde moatte tusken 2005 en 2008. De wichtichste fan alle doelen liket dit stribjen: 'Het kaatsmuseum dient bestuurlijk in een stichting ondergebracht te worden.' In selsstannige stifting, wêrfan't de bestjoersleden beneamd wurde troch it haadbestjoer fan de KNKB. Ien fan de HB-leden soe der dan ek yn sitte moatte. En de kolleksje bliuwt yn hannen fan de KNKB. Wêr't it om draait,

lykas altiten, dat binne de 'fondsen', der moat jild op it kleed komme. En der moat in beropskrêft komme, in 0,4 fte'er sa't dat hjoed de dei neamd wurdt. Dy man of frou soe it museum liede moatte nei de 'Opname van het kaatsmuseum in het Nederlands Museumregister voor 2008' sa't in oare doelstelling is.

It 'stappenplan' fertelt de lêzer wannear't it allegearre syn beslach krije moat. Earst dy stifting fansels, wa en wat moat der yn? It HB, en dan benammen Theunis Piersma, want hy hat it museum yn de portefeuille, is op syk nei fiif geskikte bestjoersleden, mei in oansprekkend 'boegbeeld' as foarsitter. In 'accountant' foar sponsoring en jildsaken, in siktaris of regelneef sa't dat neamd wurdt, en ien dy't doel hat oer tentoanstellingen en oare saken it museum oangeande. En dan dêrneist noch dy parttime krêft, en dêr is in budget fan € 18.000 foar. As it goed is, dan is der noch yn 2006 in parttimer beneamd en binne de arranzjeminten al yn 2005 útein setten. Doel dêrfan: 'meer bezoekers en meer inkomsten'.

Ek de 'huisvesting' moat oars wurde, oanpasse is in better wurd: 'Inrichten van de tweede etage, aanbrengen van gesloten klimaatbeheersing, toegankelijkheid en archief ruimte', sa stiet op papier. Allinnich moat it bestjoer fan de nije stifting it yn gearwurking mei eigner Friesland Bank dwaan en dat is noch in probleem want der is noch gjin 'stichtingsbestuur'.

Hân yn hân dêrmei rinne oare stappen, bygelyks it 'Vernieuwen vaste expositie en tijdelijke tentoonstellingen' en dat betsjut it 'moderniseren van museum, tijdelijke tentoonstelling, audiovi-

suele middelen, computer en software' en dêr is foar ien kear in budget fan € 15.000 mei muoid, mei in budget foar in tydlike tentoanstelling fan € 2.500. Om opnaam te wurden yn it museumregister, moatte alle objekten registrearre en digitalisearre wurde. En as alles berikt is, dan folget de opname yn it Nederlands Museumregister.

Alles goed en wol allegearre, mar hoe is de praktyk op dit momint? It is it ferhaal fan frijwilligers op jierren. Yn 2005 namen Jan Sijtsma en Jelle Takema ôfskie fan de MDC. Mar de taken dy't sy dwaan soene, wiene noch net ôf. Jan Sijtsma is warber mei it op 'e nij fersekerjen fan de ynventaris. Jelle Takema rint alle âlde listen nei foar de puntetelling, want oan it klassemint mankeart noch it ien en oar.

Woansdeis binne Foppe de Vries en Rein van der Geest ek oan it 'inventarisieren'. Medailles, prizen, alles krijt in nûmer, wurdt metten en woegen en oan it papier tabetroud. De befinningen wurde op de kompjûter ynfierd troch Tsjikke Houtsma of Tineke Jansma as dat sa útkomt. Berend Nauta is de man dy't per keatsjier de dielnimmerslisten krijt fan it Bûnsburo. Eltse ôfdieling hat in eigen map mei listen, dy't alle jierren byhâlden wurde en yn de kompjûters ynfierd. Kompjûters dy't sûnt 2005 fernijd binne troch twa eksimplaren dy't de plysje oer hie. Ek 'sneuper' Germ Gjaltema heart ta de frijwilligers.

'As alles goed sil, dan ha je der in deitaak oan en dat kinne dizze frijwilligers net dwaan', sa is foarsitter Rinske Wiersma fan betinken. Wat de kompjûters oanbelanget, binne der al in pear stapkes foarút dien. Jan Suierveld en Jaap



It Keatsmuseum is ûnderbrocht op de boppeferdjippingen fan de Friesland Bank te Frjentsjer. (Foto: Theo Kuipers)

Poelstra ha foar de fakânsje fan 2006 in kursus folge. Jan Suierveld: 'Der is in kaartsysteem ûntwikkele fan hoe't alles yn de kompjûter ynfierd wurde moat. De Federatie van Friese Musea en Oudheidkamers moat har fiat jaan oan it systeem. Wy sille begjinne mei de 'faantsjeboel' en de faandels mei prizen. Dan sil it sulver folgje en it porselein. Alles sil presys beskreaun wurde moatte. As it goed soe, dan moast eltse medaille op de foto.'

En as dat bard is, dan komt de Federatie van Friese Musea om te sjen as alles goed gien is. Mar safier is it noch net, earst moatte de feardichheden fan de kursus oerbrocht wurde op oaren. In frou fan Seisbierrum hat al oanbean om te helpen, 'mar it tiidspaad is dreech yn te skatten', neffens Jan Suierveld.

In tiidspaad dat gearhinget mei in nij stiftingsbestjoer. Ald-foarsitter fan de KNKB, Jehannes Westra, hat it fersyk fan it HB om foarsitter te wurden freonlik neist him dellein, mei de opmerking dat hy him dêr net mear ta roppen fiede en dat seit al in protte oer it 'gewicht' fan de te beneamen foarsitter: 'It is in 'hell of a job' om dêr in boechbeeld foar te finen. Want gjinien wol oan in dea hynder lûke, en it moat al ien fan kwizekwânsje wêze', sa seit de ferantwurdlik man yn it HB, Theunis Piersma. 'It beliedsplan sa't it der no leit, is al in bytsje datearre. In stiftingsbestjoer yn dizze foarm is net mear oan de oarder. Der sille no fiif minsken komme moatte dy't yn in tariedingsgroep sitten geane.' 'It is allegearre wol wat tichterby kaam. Mar der sil earst in tariedingsgroep komme moatte, dy't mei in helder plan op de lappen komt. Om yn ien kear fan de flier op de souder te stappen, is lestich. Ferjit net, wy sitte no foar in dûbeltsje

op de earste rang, mar in 'griene greide'-skets soe bygelyks wêze it museum, bûnsburo en de fergaderromte yn ien gebou. Wy ha praten oer it âlde Rabogebou yn Frjentsjer en oer romte yn de apparteminten fan Burggraaff lâns it keatsfjild, mar beide kearen is it neat wurden', sa leit de KNKB-foarsitter út. Dus it beliedsplan oan de kant en mear tinke oan in goed plan fan in ploechje minsken. Dat moat de wei begeanber meitsje foar in stiftingsbestjoer en dat moat oan de slach mei it plan. Dan witte je wat je de minsken dy't yn dat bestjoer sitte moatte, biede kinne.

Sa't it der no hinneleit, sit de KNKB net djoer, net op de Foarstrjitte, mar ek net oan it Jan Roudenhuysplein, dêr't de KNKB 'appartementrecht' hat om't se doedestiids in ynvestearring dien hat yn De Trije.

Dêrmei is der noch net in antwurd jûn op de fraach oft der in 'Takomst foar it ferline' is. Wat de gemeente oanbelanget: de tiden fan boargemaster J. Dykstra lizze fier yn it ferline. Dus moat it fan de KNKB komme, en dy jout it wer troch oan in tariedingsgroep. Ien ding stiet wol fest: as it sa bliuwt as no, is it antwurd al jûn.

Rynk Bosma